

MOARNSTSJINST OP 18 FEBREWARIIS 2001 troch dû. T. HIBMA  
OM 9.30 OERE YN DE GRIFFORMEARDE TSJERKE FAN WINSUM  
UTSTJOERING OMROP FRYSLAN: 25 FEBREWARIIS, 11.00 OERE

## TARIEDING

IT OARGEL SPILET

WOLKOM

YNTOCHTSLIET: PSALM 62: 1,4

STIL GEBED - BEMOEDIGING EN GROET

Lit ús stil wurde foar God en bidde om in segen oer dizze tsjinst.

- stil gebed -

Wy meie inoar bemoedigje omdat

ús help is yn de namme fan de Hear, dy 't himel en ierde makke hat,

dy 't trou bliuwt oant yn ivichheid en net loslit it wurk fan syn hannen.

Yn de namme fan dy Hear groetsje wy inoar:

Genede mei jimme wêze en frede, fan God us Heit en fan de Hear Jezus Christus.

GEBED

Jimme kenne miskien wol dat ferhaal fan dy bline man oan'e kant fan'e dyk  
dy't oan Jezus rôp: Hear ûntfermje Jo.

De minsken om him hinne seinen: Och man, hâld dy dochs stil.

Mar de man rôp noch lûder: Hear ûntfermje Jo.

En Jezus hearde it. Hy stie stil en hy ûntferme him oer de bline man en makke him better.

Sa meie ek wy no de Hear om ûntferming oanroppe.

Lit ús bidde:

Hear wy wolle jo hjoed bidde foar alle minsken dy't oan'e kant sitte of stean,  
foar alle minsken dy't net meidwaan kinne, net meidwaan meie.

Wy tinke oan de bern en grutte minsken dy't pesten en útskolden wurde,  
wat in fertriet dat jout, hoe sear dat docht.

Wy tinke oan de minsken dy't libje moatte mei sykte, mei in handicap,  
mei de fragen fan it wêrom, wêrom moat myn libben sa gean.

Wy tinke oan de minsken, âld of jong, dy't it gefoel hawwe dat harren libben gjin sin mear hat,  
dat se harren sels en oaren allinne mar ta lêst binne.

Om al dy minsken, om ússels roppe wy: Hear ûntfermje jo.

Hear wy wolle jo hjoed bidde foar alle minsken dy't yn't tsjuster geane,  
want der is safolle yn ús bestean dat it goede libben bedriget en oantaast.

Wy tinke oan de minsken dy't libje yn lannen mei oarloch en geweld,  
de bern dy't twongen wurde om as soldaten te fjochtsjen.

Wy tinke oan de minsken dy't ferfolge en mishannele wurde,  
om wat se leauwe, omdat se opkomme foar rjocht en frede.

Wy tinke oan minsken dy't as in berch tsjin in nije dei oansjogge,  
omdat se it libben net mear oankinne, net mear witte wer't se it sykje moatte.

Om al dy minsken, om ússels roppe wy: Hear ûntfermje jo.

Hear, jo dy't it roppen fan minsken hearre en harren te help komme,

jou dat wy der sa ek wêze meie foar de minsken om ús hinne,  
as tsjûgen, as learlingen fan jo ûntferming en genede.

WURD VAN LIBBEN: 1 JOHANNES 4: 16-19

Ús Hear Jezus is kommen om it tsjuster, it kweade te oerwinnen en ús libben te genêzen.  
Troch Him is it, troch syn leafde, dat wy genede fine yn Gods eagen.  
Dêrút meie wy libje, út syn genede, om wat goeds, wat moais fan ús bestean te meitsjen  
ta ear fan God en ta heil fan de minsken om ús hinne.

As paadwizer foar dat bestean wol ik jimme graach lêze út 1 Johannes 4: 16-19  
Wy kenne en leauwe de leafde dy't God foar ús hat.  
God is leafde, en dy't de leafde bewarret, bliuwt mei God ferbûn en God mei him.  
Hjirynt komt by ús de leafde ta syn doel, dat wy frijmoedichheid hawwe de deis fan it oardiel,  
want lykas Kristus, sa libje wy ek yn dizze wrâld.  
Yn 'e leafde bestiet gjin bangens, nee, de folsleine leafde ferdriuwt de bangens,  
want bang wêzen hat te krijen mei straf, en dy't bang is, is net folslein yn 'e leafde.  
Lit ús leafhawwe, omdat Hy ús earst leafhân hat.

KOAR: IN MINS WURDT OP 'E IERDE SET

TJSINST FAN IT WURD

GEBED

Hear, wy tankje jo dat wy mei-inoar dizze tsjinst fiere meie,  
dat wy sjonge en bidde meie, ús libben besjen yn jo ljocht.  
Wy tankje jo dat wy ek yn alle frijheid út 'e bibel lêze meie  
en mei-inoar jo wurd oertinke.  
Hear, yn dizze wrâld komt der in stream fan wurden op ús ôf.  
Wurden dy't ús gouden bergen belove en wurden fan haat en nijd.  
Safolle wurden Hear, safolle wegen dy't we gean kinne,  
dat we betiden it spoar bjuster reitsje,  
dat we fan jo ôfdwale en ússels foarbydrave, alle kanten op.  
Hear, wolle jo ús by en yn ús wêze mei jo Hillige Geast,  
dat wy jo wurd hearre, jo stim ferstean meie yn dizze wrâld  
en dêr ús libben op bouwe.  
Om Jezus wol. Amen.

WURD FOAR DE BERN

DE BERN GEANE NEI DE BERNETSJINST

SKRIFTLEZING: JEREMIA 7: 3-11

Dit hat de Hear Almachtich, de God fan Israel, te sizzen: Soargje dat jimme dwaan en litten wurdt sa't it  
heart, en Ik sil jimme op dit stee bliuwe litte. Fertrou net op sokke holle wurden as: Dit hjir is de timpel fan  
de Hear, de timpel fan de Hear, de timpel fan de Hear! Mar as jimme wier soargje, dat jimme dwaan en litten  
is sa't it heart, en as jimme inoar wier rjocht dogge: as jimme de frjemdling, de wees en de widdo net  
ferhûddûkje, as jimme op dit stee gjin ûnskuldich bloed ferjitte en net efter oare goaden oanrinne ta jimme  
eigen skea, dan sil Ik jimme op dit stee bliuwe litte, yn it lân dat Ik jimme foarâlden jûn haw, al wit-hoe-lang  
lyn en foar altyd.

Mar ja, jimme fertrouwe op holle wurden, mar it jout jimme neat. Want hoe stiet it der mei jimme foar? Stelle, moardzje, troubrekke, falske eden dwaan, rûkoffers bringe oan 'e Baäl, efter oare goaden oanrinne, dy't jimme nea kend hawwe; en dan komme jimme mar en ferskine foar My yn dit hûs, dêr't myn namme oan ferbûn is, en sizze: Wy binne burgen! Mar ûnderwilens geane jimme gewoan troch mei al dy skandlike praktiken! Is dit hûs, dêr't myn namme oan ferbûn is, yn jimme eagen dan in rôvershoale wurden? As jimme dan mar witte, dat Ik net blyn bin - is de godsspraak fan de Hear.

SJONGE: PSALM 146: 3,5

SKRIFTLEZING: LUKAS 6: 43-49

Der is gjin goede beam dy't minne fruchten jout, mar ek gjin minne beam mei goede frucht. Elke beam ken men oan syn frucht. Fan stikelhagen plôket men ommers gjin figen en fan in toarnbeipôle gjin druven. Goede minsken helje út 'e skatkeamer fan har goed hert it goede foar 't ljocht, de minnen út har min hert it minne. Want dêr't it hert fol fan is, dêr sprekt de mûle fan.

Wat dogge jimme My algeduerigen Hear, Hear te neamen, as jimme dochs net dogge, wat Ik sis? Elkenien dy't by My komt, nei myn wurden harket en dêrneffens docht, Ik sil him ris sizze wêr't sa'n ien op liket. Hy liket op ien dy't by it bouwen fan in hûs hakket en dolt en de fûneminten op 'e rotsgrûn leit. As dan it hege wetter delkomt, batst it tsjin dat hûs oan, mar der is gjin ferwikken oan, omdat it goed boud is. Mar as ien al nei myn wurden harket, mar der net neffens docht, sa'n man liket op ien dy't in hûs samar op 'e grûn set sûnder fûneminten. It wetter batst der tsjinoan en it stoart op slach yn. It wurdt ien grutte púnfal.

SJONGE: GESANG 326: 3,4

FERKUNDIGING

It part dat we fan'e moarn hearden út it evangeelje,  
de gelikenis oer de fruchten en oer in hûs mei en sûnder fûneminten,  
is it ein fan de saneamde 'fjildrede' fan Jezus yn it Lukasevangeelje.  
Yn haadstik 6 fers 17 wurd ferteld dat Jezus,  
nei't er op 'e berch bidden hie en 12 learlingen útkeas, dy't er apostels (sindelingen) neamde,  
dat er it fjild yngiet en dat dêr in protte folk op him ta komt,  
út Jeruzalem en it hiele Joadske lân. En dêr praat Jezus mei syn learlingen.  
It past by de beweging dy't Lukas yn it evangeelje en it boek Hannelingen makket,  
it bliid boadskip fan Jezus en it keninkryk fan God moat de hiele wrâld oer,  
fan Jeruzalem oant Rome, it fjild yn nei it joadske lân en nei alle folken.

By it Matteusevangeelje wurdt it de 'berchrede' neamd.  
Ek dêr wurdt ferteld oer al dy minsken dy't op Jezus ôfkomme,  
dy't troch Jezus genêzen wurde fan harren sykten en kwalen.  
En dan giet Jezus de berch op mei syn learlingen, stiet der yn Mattheus 5 fers 1  
en begûn harren te learen, en wat er harren learde wie oer it Keninkryk fan God.  
It docht tinken oan Mozes dy't de berch opgie en dêr de twa stiennen tafels,  
de tsien wurden fan God krige foar it libben yn it beloofde lân.  
Ek dizze 'berchrede' einiget mei de gelikenis oer de fruchten, oer in hûs mei en sûnder fûneminten.

De berchrede, de fjildrede fan Jezus,  
it wurdt wol de grûnwet fan it Keninkryk fan God neamd.  
Neffens it Markusevangeelje -  
Mattheus en Lukas koene beide wierskynliken de tekst fan Markus  
en brûkten dêr parten fan foar harren evangeelje -  
neffens Markus begjint it iepenbiere libben fan Jezus sa:  
Nei't Johannes oppakt wie, gong Jezus nei Galilea ta en ferkundige Gods boadskip.  
Hy sei: It is sa fier, it Godsryk is tichteby kommen, bekear jimme en leau it bliid boadskip.

By dy wurden slút de berchrede, de fjildrede oan.  
It Godsryk is tichteby kommen, bekear jimme en leau it bliid boadskip.

It begjint der mei wa't der yn dat keninkryk op it earste plak komme,  
dat binne de earmen, de minsken dy't gûle moatte, de minsken mei hongere en toarst,  
de minsken dy't ferfolge wurde, ferfolge om wille fan Jezus,  
foar harren is it Keninkryk, wat in gelok  
It moat de oaren wol oan it tinken sette:  
de riken, de minsken dy't sêd kinne, de minsken dy't laitsjend it libben troch geane,  
guon dêr't elkenien lof fan sprekt

Middenyn de fjildrede stiet in ynkringende oprop ta leafde.  
Haw jimme fijannen leaf, doch harren goed en lien út sûnder wat werom te ferwachtsjen.  
Dan sil jimme lean grut wêze en jimme sille bern wêze fan de Allerheechste,  
dy't ommers ek goed is foar de ûntankberenen en minnen.  
Wês barmhertich lykas jimme Heit dat is.

Dernei giet iet oer oardieljen, it oardiel dat yn ús minskewrâld sa faak alle leafde mist.  
Wêr't minsken al gau klear steane om te oardieljen, meiminsken ôf te skriuwen,  
dêr leare we Gods barmhertichheid kennen, romte foar in ny begjin.

En dan it ein, oer dy fruchten en oer de fûneminten.

It giet noch altyd oer it Keninkryk fan God, dêr oan it ein fan'e fjildrede,  
oer de grûnwet, de reade tried, it wêzen fan dat Keninkryk.  
En Jezus hat it noch altyd tsjin de learlingen,  
de minsken dy't roppen binne, dy't him neifolgje wolle en der as apostels op útstjoerd wurde.  
It keninkryk is tichteby, bekear jimme en leau dit bliid boadskip.  
En God hat minsken nedich dy't der wenje wolle, dy't dêr oan bouwe wolle.  
'Minsken út ien stik', oan dy útdrukking moast ik tinke by it ferhaal fan fan'e moarn.

Ûs wrâld, ús libben is kwetsber.  
Mar al te gau wurdt it oan stikken skuord, troch lijen en fertriet,  
troch tsjinstellingen tusken earm en ryk, troch hongere en ûnrjocht,  
oarloch en geweld, fijânskip en oardielen der't gjin plak mear is foar leafde .  
Wat in gelok dat God komt mei syn Keninkryk, dat is it bliid boadskip fan de fjildrede,  
want it is mei dat Keninkryk de omkearde wrâld: God makket hiel wat stikken wie,  
derfoar is de Heilân, derfoar is Jezus yn ús midden kommen.  
Wat in gelok, we meie omkeare, ús libben hiele en genêze litte,  
we hoege net mear mei te dwaan oan dat ferskuorrende kwea,  
mar we meie just minsken út ien stik wurde.

Yn Gods Keninkryk meie de minsken dy't brutsen binne,  
de minsken dy't kapot geane oan it libben, fóargean.  
De triennen wurde foargoed drûge, it ûnrjocht fuortdien, it libben hiel makke,  
fijânskip oerwûn troch leafde, oardielen troch barmhertichheid.

En no wurde der minsken frege, Jezus ropt minsken,  
learlingen dy't groeie wolle yn dit lân en fruchten drage,  
apostels dy't der op út wolle om minsken it bliid boadskip te bringen  
en te bouwen oan dit keninkryk.

Jezus ropt minsken, minsken út ien stik.

Altyd mar wer drige der skuorren yn ús libben, yn ús wrâld.  
Oan 'e iene kant ha we it oer God, sykje hâldfêst by syn wurd,  
yn tsjerke en yn 'e timpel, sa wie it ek al yn 'e dagen fan Jeremia.  
Oan 'e oare kant litte we ús libben, ús wrâld ferskuorre  
troch tsjinstellingen tusken earm en ryk, troch ûnrjocht, fijânskip en oardielen.  
We dogge der sels oan mei, om it libben te ferskuorren,  
de wrâld stikken te meitsjen.  
Sa ferlieze we de grûn ûnder ús fuotten en wurdt ús dwaan en litten ûnfruchtber.

Mar dat hat net it lêste wurd, seit Jezus.  
Dêrfoar hat er syn libben ynsetten en al syn leafde jûn, om ús dêrút te rêden.  
Wy meie opnij begjinne, omkeare en libjen gean as bern fan Gods keninkryk.  
We meie bouwe yn stee fan ferskuorre.  
Wy meie ús libben intsje op Jezus ús Hear,  
dat wy syn wurden, syn leafde yndrinke en derfan de fruchten drage.  
Wy meie wurde wat wy yn Jezus namme al binne,  
minsken út ien stik,  
minsken dy't harren libben net langer ferskuorre litte,  
mar yn wêzen en dwaan, yn wurden en dieden libje fan Gods Keninkryk,  
as neifolgers fan ús Hear Jezus.  
Dan steane we sterk, dan wurdt it libben troch alles hinne goed en fruchtber.

KOAR: IT LIET FAN JEZUS

DE BERN KOMME WEROM

TSJINST FAN DE JEFTEN

GEBEDEN

EINLIET: SJONG MAR MEI 62 - HY IS DE ROTS

1 allegearre, 2 koar, 3 allegearre

SEGEN

De genede fan us Hear Jezus Christus en de leafde fan God  
en de mienskip fan de Hillige Geast wês mei jimme allegearre.

nei de segen: SJONGE: GESANG 456: 1,2,3  
1 allegearre, 2 koar, 3 allegearre

IT OARGEL SPILET

KOLLEKTEN BY DE UTGONG